

Hout mei in ferhaal

Salang't Nijkleaster noch gjin eigen húsfesting hat, sil de Jorwerter tsjerke as útfalsbasis fungearje. De kommende moannen wurdt de 'foartsjerke" ferboud ta mienskipsromte mei in spesjale mienskipstafel. Dy tafel moat noch makke wurde. Dêrom in oprop oan alle gemeenteleden fan Westerwert, ynweners fan Jorwert en freonen fan Nijkleaster: "Wa hat 'hout mei in ferhaal' om te brûken as materiaal foar dizze mienskipstafel?" Wy doele hjirby op in planke, kiste, meubelstik, ark (of neam mar op) fan hout mei in (foar jo) besûndere betsjutting en ferhaal. It mei ek wol wat oars wêze sa as in munt, in plaatsje mei in opskrift of bgl. in medaille. Jimme kin dit mei in ferhaal derby, mooglik mei foto of yllustraasje, úterlik 1 septimber ynleverje (it ferhaal leafst digitaal) by:

fam. Hallema yn Jorwert (graach earst efkes skilje of maile: telef. 058-2519504, email: germ.tineke@hetnet.nl)

De ferneamde meubelmakker Hindrik Wester fan Earnewâld sil dan besykje om fan al dit materiaal (of stikjes derfan) in grutte mienskipstafel te meitsjen. De ferhalen dy't der by hearre wurde bondele yn in boekje.